

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
o.f. H.M. de Jonge
Postbus 20011
2500 EA DE HAACH

Ljouwert, 2 april 2024

Rju achte minister de Jonge,

Konfoarm de Ramtwet advyskolleezjes krije jo hjirby de begrutting fan DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal, foar it jier 2025. Foar it útfieren fan de taken fan DINGtiid ha jo € 77.000 beskikber steld. De provinsje Fryslân stelt € 118.700 beskikber. Hjirby is rekken hâlden mei de yndeksaasje fan de finansiering fanút it ministearje fan Ynlânske Saken, mar noch net mei mooglike yndeksaasje fan de Provinsje Fryslân.

Fierder krije jo hjirby it jierferslach oer it jier 2023.

Wy fertrouwe derop, dat jo sa foldwaande ynformearre binne.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

Taheakke:

- Begrutting 2025
- Jierferslach 2023 (yn it Frysk en Nederlânsk)

Dit brief giet ek nei:

- Kolleezje fan Deputearre Steaten

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Begrutting 2025

	Utjeften		Ynkomsten
Personiele lêsten			
Meiwurkers DINGtiid	€ 65.000,00	Provinsje Fryslân	€ 118.700,00
Reiskosten	€ 2.500,00	Ryk	€ 77.000,00
Fasilitêre kosten			
Húsfêsting	€ 9.100,00		
Kommunikaasje (websiteside, printwurk)	€ 4.000,00		
Abonneminten	€ 1.100,00		
Porto en kantoarartikels	€ 1.000,00		
Wurkprogrammakosten			
Undersyk/advizen – yntern	€ 50.000,00		
Undersyk/advizen – ekstern	€ 10.000,00		
DINGpetearen	€ 5.000,00		
Stúdzjereis	€ 8.000,00		
DINGtiid-lêzing	€ 3.000,00		
Asega's	€ 4.000,00		
Bestjoerskosten			
Gearkomstekosten	€ 3.084,00		
Oars (tanksizzingen, sollicitaasje-proseduere, werving)	€ 6.000,00		
Fakaasjejild bestjoersleden	€ 23.916,00		
Totaal	€ 195.700,00		€ 195.700,00

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties
t.a.v. H.M. de Jonge
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 2 april 2024

Hooggeachte minister de Jonge,

Conform de Kaderwet adviescolleges ontvangt u hierbij de begroting van DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal, voor het jaar 2025. Voor de uitvoering van de taken van DINGtiid heeft u € 77.000 beschikbaar gesteld. De Provinsje Fryslân stelt € 118.700 beschikbaar. Hierbij is rekening gehouden met de indexatie van de financiering vanuit het ministerie van Binnenlandse Zaken, maar nog niet met de mogelijke indexatie van de Provinsje Fryslân.

Daarnaast ontvangt u hierbij het jaarverslag over het jaar 2023.

Wij vertrouwen erop dat u zo voldoende bent geïnformeerd.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster
Voorzitter DINGtiid

Bijlage:

- Begroting 2025
- Jaarverslag 2023 (in het Fries en Nederlands)

Deze brief gaat ook naar:

- College van Gedeputeerde Staten

Begroting 2025

	Uitgaven		Inkomsten
Personele lasten			
Medewerkers DINGtiid	€ 65.000,00	Provinsje Fryslân	€ 118.700,00
Reiskosten	€ 2.500,00	Rijk	€ 77.000,00
Facilitaire kosten			
Huisvesting	€ 9.100,00		
Communicatie (website, drukwerk)	€ 4.000,00		
Abonnementen	€ 1.100,00		
Porto en kantoorartikelen	€ 1.000,00		
Werkprogrammamakosten			
Onderzoek/adviezen – intern	€ 50.000,00		
Onderzoek/adviezen – extern	€ 10.000,00		
DINGpetearen	€ 5.000,00		
Studiereis	€ 8.000,00		
DINGtiid-lezing	€ 3.000,00		
Asega's	€ 4.000,00		
Bestuurskosten			
Vergaderkosten	€ 3.084,00		
Overig (bedankjes, sollicitatieprocedure, werving)	€ 6.000,00		
Vacatiegelden bestuursleden	€ 23.916,00		
Totaal	€ 195.700,00		€ 195.700,00

Jierferslach

2011
DINGT
TID
23

www.dingtiid.frl

ynfo@dingtiid.frl

Orgaan foar de Fryske taal

www.dingtiid.frl

ynfo@dingtiid.frl

Jierferslach

2 0 \ \ \
D / N G \
T / / D
 \ \ \ 2 3

Fuotnoaten

- ¹ dingtiid.frl/jongere-panel-fan-asegas-helpt-dingtiid-mei-frysk-taaladvys
- ² dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/09/20230713-BZK-oan-DINGtiid-Advys oanfragen.pdf
- ³ dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/09/20230926-DINGtiid-oan-BZK-planning-advys oanfragen.pdf
- ⁴ dingtiid.frl/utfieringsorganisaasjes-wolle-oan-de-slach-mei-it-frysk
- ⁵ dingtiid.frl/wp-content/uploads/2020/03/20230207-DINGtiid-oan-BZK-Frysk-taalbelied-by-Ryksutfieringsorganisaasjes.pdf
- ⁶ dingtiid.frl/dingtiid-jout-formateur-brouwer-hantfetten-foar-frysk-taalbelied
- ⁷ dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/07/20230720-DINGtiid-oan-Twadde-Keamer-net-kontroersjele-dossiers.pdf
- ⁸ dingtiid.frl/petearnotsje-dingtiid-oer-rjochtspraak-foar-runetafelpetear-bftk
- ⁹ dingtiid.frl/sfearympresje-25-jier-europeesk-hanfest-it-takes-two-to-tango-yn-den-haach
- ¹⁰ dingtiid.frl/sfearympresje-en-lezings-fan-earste-dingtiid-lezing-2022
- ¹¹ dingtiid.frl/trochgeande-learline
- ¹² dingtiid.frl/advysbrief-stel-gau-in-praktoraat-frysk-en-meartaligens-yn-foar-it-mbu
- ¹³ dingtiid.frl/advysbrief-oan-provinsje-en-ryk-oer-boarging-universitere-frisistyk
- ¹⁴ storage.knaw.nl/2023-05/Instellingsbesluit-adviescommissie-de-toekomst-van-frisistiek.pdf
- ¹⁵ dingtiid.frl/advys-oer-kennisyinfrastruktuer-kennisberie-goed-foar-de-fryske-taal
- ¹⁶ dingtiid.frl/advys-fersterkje-it-frysk-yn-it-foarskoalsk-nderwiis
- ¹⁷ dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/01/Provinsje-Fryslan-oan-DINGtiid-reaksje-op-advysrapport-foarskoalsk-nderwiis.pdf
- ¹⁸ dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/01/20230815-Reaksje-op-it-advys-Frysk-yn-de-foarskoalske-faze-fan-DINGtiid-_Friese-vertaling-kamerbrief_.pdf
- ¹⁹ dingtiid.frl/advysbrief-nim-fryske-taal-mei-yn-wet-internationalisering-nderwiis
- ²⁰ dingtiid.frl/advysbrief-set-yn-op-in-breed-tagonklike-minor-frysktalige-sjoernalistyk
- ²¹ dingtiid.frl/sfearympresje-dingtiid-lezing-2023-taal-en-rjocht-de-positive-ympakt-fan-frysk-op-de-rjochtspraak
- ²² dingtiid.frl/selsevaluaasje-dingtiid-2014-2018
- ²³ dingtiid.frl/wurkprogramma-2024-2025

DINGtiid yn de media yn 2023

- 'DINGtiid: 'leg studie Fries vast in Bestuursafpraak' (Friesch Dagblad, 09-01-2023)
- 'DINGtiid: 'Frysk fan pjut oant promovendus, foarskoalsk ûnderwiis moat better' (Omrop Fryslân, 31-01-2023)
- 'DINGtiid: versterk het Fries in peuterspeelzalen' (Friesch Dagblad, 31-01-2023)
- 'Opluchting nu hoogleraar Fries er toch is' (Friesch Dagblad, 09-02-2023)
- 'DINGtiid wil terug naar volledige studie Fries' (Friesch Dagblad, 09-02-2023)
- 'RUG krijgt interim hoogleraar Fries' (Dagblad van het Noorden, 09-02-2023)
- 'Provincie: meer Fries op peuterspeelzalen' (Leeuwarder Courant, 12-04-2023)
- 'Gedeputeerde Poepjes wil meer Fries op voorschoolse opvang' (Friesch Dagblad, 12-04-2023)
- 'Bescherming van het Fries gaat goed, bevordering kan beter' (Leeuwarder Courant, 14-04-2023)
- 'Gelijkwaardige taal' (Leeuwarder Courant, 17-04-2023)
- 'Jongerenpanel van Asega's gaat DINGtiid helpen met Fries taaladvies' (Friesch Dagblad, 30-05-2023)
- 'DINGtiid wol dat demissionaire kabinet de Fryske taal net lizze lit' (Omrop Fryslân, 28-07-2023)
- 'DINGtiid wil Fries taalbeleid niet op de plank' (Friesch Dagblad, 29-07-2023)
- 'Spreiding tweetalige opvang nuttig' (Friesch Dagblad, 17-08-2023)
- 'Provincie: Fries staat Nederlands niet in de weg bij peuters' (De Gooi- en Eemlander, 18-08-2023)
- 'Brief minister stelt teleur' (Friesch Dagblad, 21-08-2023)
- 'Fries als keuzevak is geen structurele oplossing' (Friesch Dagblad, 21-08-2023)
- 'Fries alleen in Friese rechtbank' (Friesch Dagblad, 13-10-2023)
- 'Het Fries moet de plek krijgen die het verdient' (Leeuwarder Courant, 14-10-2023)
- 'Bûgje net' (Leeuwarder Courant, 20-10-2023)
- 'Frysk prate op it gerjochtshôf kin wol faker, seit presidint Jonneke Oosting' (Omrop Fryslân, 04-11-2023)
- 'Alle Friestalige zaken naar rechtbank Leeuwarden' (Leeuwarder Courant, 06-11-2023)
- 'Rijke taal' (Leeuwarder Courant, 08-11-2023)
- 'Fryske jongeren sette harren yn foar mear Frysk by it stimproses' (Afûk, 20-11-2023)

DINGtiid

Wetlik ramt fan DINGtiid

De Wet gebrûk Fryske taal, dy't op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden is, regelet it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear. Haadstik 4 bepaalt dat der in Orgaan foar de Fryske taal is, dat as taak hat om de likense posysje fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te befoarderjen. Dat orgaan hjit DINGtiid.

Taakopfetting en wurkwize

DINGtiid ferfollet syn wetlike taak troch te rapportearjen oer it ferlet en winsken oangeande de Fryske taal en kultuer yn relaasje ta de Wet gebrûk Fryske taal en ek ta it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. Dêrby rapportearret DINGtiid oan oerheden, bestjoersorganen en rjochterlike ynstânsjes, foar safier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne of oars de provinsje Fryslân as wurkgebiet hawwe. Fierder advisearret DINGtiid oan de minister fan Ynlânske Saken (hjrnei: BZK) en oan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân oer it tastânkommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (hjrnei: BFTK) en de útfieringskonvenanten en biedt stipe by it opstellen fan regels en beliedsplannen, lykas bedoeld yn art. 5 en 6 fan de Wet gebrûk Fryske taal.

Neist dy wetlike taken befoarderet DINGtiid ek de maatskiplike diskusje oer it Frysk. DINGtiid hat ferskillende wizen om de taken út te fieren en de ambysjes te realisearjen. Sa publisearret DINGtiid ûndersiken, advizen en rapportaazjes, en skriuwt brieven oan bewâldslju en partijen út it fjild. Dêrneist fiert DINGtiid petearen mei partners en belanghawwenden op it mêd fan de Fryske taal. Ut en troch wurde dy petearen yn in breder ferbân organisearre en wurde dat rûnetafelpetearen, dy't sels it karakter fan minsymposia krije kinne: de saneamde 'DINGpetearen'. By in DINGpetear bringt DINGtiid saakkundigen fan in bepaald ûnderwerp byinoar en biedt de dielnimmers eftergrûn en ynhâld om it ûnderwerp yngreven bedjipje te kinnen; sa besjoen binne DINGpetearen in foarm fan 'fjildkonsultaasje' of 'boargerkonsultaasje'.

Yn 2022 is DINGtiid úteinset mei de jierlikse DINGtiid-lêzing. Troch in spesifyk tema, relatearre oan it Frysk en de BFTK, wol DINGtiid minsken yn ferskillende wurkfjilden mei-inoar yn de kunde komme litte. Boppedat foarsjocht DINGtiid sa de Fryske mienskip fan kennis en perspektyf, mar fuorret ek himsels mei praktykynformaasje en nije of feroarjende ynsjoggen.

De namme DINGtiid

In 'ding' wie yn de tiid fan de âlde Germanen in gearkomste dêr't frije Friezen yn byinoar roppen waarden om kwestjes of skelen te besprekken. Sa'n kwestje waard fan alle kanten besjoen en besprutsen. Uteinlik joech de 'asega', in wetskenner, syn advys. DINGtiid set it 'ding' yn in nij perspektyf. As in ûnderwerp aktueel is, kin DINGtiid saakkundigen of oare nigethawwers byinoarbringe yn in DINGpetear en dat tema fan ferskate ynfalshoeken út beprate; mei it doel om ta in goed advys te kommen dat ek draachflak hat.

Wa binne DINGtiid?

DINGtiid sette yn 2023 útein mei fjouwer bestjoersleden. Yn maart 2023 waard in bestjoerder mei portefúlje taal en kultuer beneamd.

De bestjoersleden hawwe mienskiplik dat harren woartels yn Fryslân lizze en dat se harsels dêr ek bot mei ferbûn fiele. Tagelyk sjogge se mei in frisse blik nei Fryslân en it Frysk. De bestjoersleden hawwe allegearre harren eigen ekspertize en eftergrûn.

It bestjoer bestie yn 2023 út:

- Jan Koster (earder: direkteur Arbeidsfoarsjenning; Ekonomyske Saken gemeente Maastricht; Omrop Fryslân), foarsitter, oandachtsfjild bestjoerlike saken en media;
- Jitske de Hoop (beliedsadviseur Fryske taal en kultuer by Omrop Fryslân, en selsstannige op it mêd fan de Fryske taal), oandachtsfjild taal en kultuer;
- Hedzer Klarenbeek (earder: jeugd- en sedeplysje Fryslân, wurdfierder fan it kolleezje fan B&W fan gemeente Ljouwert), oandachtsfjild oerheden;
- Annalies Outhuijse (jurist by advokatekantoar Stibbe yn Amsterdam), oandachtsfjild rjocht;
- Alex Riemersma (earder: lektor Frysk en Meartaligens oan NHL Stenden), oandachtsfjild ûnderwiis.

Oersjoch útjeften DINGtiid 2023

It beskikbere budzjet fan DINGtiid foar it jier 2023 wie €202.100.

De Provinsje Fryslân hie foar 2023 in bedrach fan € 118.700 earmarke.

It ministearje fan BZK stelde DINGtiid € 56.200 ta foldwaan. Ut 2022 wie der noch in bedrach fan € 27.200 beskikber foar 2023. It budzjet dat yn 2023 oerbleaun is, wurdt beskikber steld foar 2024.

	Utjeften
Fergoedings bestjoersleden DINGtiid	€ 22.280,00
Stêf DINGtiid	€ 67.533,75
Húsfêsting	€ 9.049,29
Kommunikaasje	€ 3.769,76
Wurkprogramma – ûndersyk en advizen yntern	€ 44.438,63
Wurkprogramma – ûndersyk en advizen ekstern	€ 6.950,00
Oerlizzen – DINGpetearen	€ 10.017,44
Stúdzjereis	€ 5.967,37
Oare kosten (reiskosten, administraasje, abonneminten, sollisitaasjes, ensfh.)	€ 10.002,33
Totaal	€ 180.008,57

Wat hat DINGtiid berikt yn 2023?

- **DINGtiid belûkt jongerein**

Om de belutsenheid en ynbring fan jongere generaasjes by it Frysk en it advyswurk fan DINGtiid te fergrutsjen, hat DINGtiid in panel fan Asega's ynsteld, mei dêryn tolve jonge Friezen.

- **DINGtiid wreedet netwurk út**

Neist de gearwurking mei jongerein, is yn 2023 it netwurk ek op oare terreinen fierder útwreide. Sa binne de bannen oanhelle mei it Adviescollege Nederlandse Gebarentaal, binne der ynternasjonale kontakten makke yn Wales en binne mei de DINGtiid-lêzingen polityk en maatskiplik nije netwurkkontakten ûntstien.

- **DINGtiid-lêzing set Frysk op de kaart**

DINGtiid is yn 2022 úteinset mei de jierlikse DINGtiid-lêzing. Yn 2023 binne der foar de gelegenheid twa lêzingen west. De grutte belangstelling foar dizze nije aktiviteit hat derfoar soarge dat nigetawwers fan it Frysk út ferskillende wurkfjilden mei-inoar yn de kunde kaam binne en nije plannen meitsje.



Bestjoer en stêf 2023. Foto: Tryntsje Nauta

It bestjoer fan DINGtiid wurdt stipe troch Anne Popkema (bestjoersadviseur), Tjallien Kalsbeek (sekretariaat) en Froukje Sijtsma (kommunikaasje).

Sûnt maaie 2023 hat DINGtiid in jongereinpanel! fan tolve 'Asega's', besteande út jonge Friezen dy't ynbring jouwe foar it advyswurk fan DINGtiid. Foar de perioade 2023-2025 binne de folgjende Asega's beneamd: Arjen Bloem, Ate Bouma, Willem Duijff, Jorris Kingma, Jelmer Quartel, Kyra Rottiné, Welmoed Sjoerdsma, Sibrecht Veenstra, Syrou van der Velde, Fardau Visser, Iris Witzenburg en Pieter Zijlstra.

Friesch Dagblad, 30 maaie 2023, side 4

Jongerenpanel van Asega's gaat DINGtiid helpen met Fries taaladvies

LEEUWARDEN | „Ynbring fan jongerein by ús wurk is hurd nedich”, stelt voorzitter Jan Koster van DINGtiid. „Boppedat wolle wy graach harren belutsenheid by it Frysk fergrutsje. Ek mei it foarútsjoch dat wy it stokje trochjaan kinne oan de folgjende generaasje Friezen dy't him mei taal en taalbelied dwaande hâlde wol.”

Haadlinen DINGtiid yn 2023

Yn de Wet gebrûk Fryske taal (2014) is bepaald dat DINGtiid om de twa jier in Wurkprogramma foarleit oan de minister fan BZK. Dit jierferslach behannelet de wurksumheden oan de hân fan it Wurkprogramma 2022/2023. Oanfoljend dêrop: op 8 desimber 2022 hie yn de Twadde Keamer in debat plak oer de Fryske taal. Nei oanlieding fan dat debat is in oantal moasjes oannommen, wêrby't it regear fersocht is om ûndersiken út te setten. Op 5 july 2023 hat it Ryk trije advysfragen² by DINGtiid dellein: oer it Frysk yn it mbû, oer it Frysk yn de sjoernalistyk en oer in lanlike 'Kommissje Frysk'. Dy advysfersiken hat DINGtiid oannommen. Dat hie lykwols ynfloed op it útfieren fan it Wurkprogramma 2022/2023. BZK is dêrfan op de hichte steld yn de brief Planning Advys oanfragen³.

Oerlizen

Bestjoer en stêf hawwe yn 2023 alve ynterne gearkomsten hân. Der hat ien bestjoerlik oerlis west mei Provinsje Fryslân. Fanwege de provinsjale ferkiezings (maart 2023) hat der gjin oerlis mear west mei deputearre Sietske Poepjes. Nei de ynstallaasje fan it nije kolleezje (july 2023) hat der op 23 novimber 2023 in bestjoerlik oerlis plakfûn mei de nije deputearre, Eke Folkerts. Dêryn lei de klam op it mei-inoar yn de kunde kommen en it taljochtsjen fan ús nije Wurkprogramma. Fierder binne de wichtichste dossiers besprutsen, lykas de BFTK 2024-2028 en de langetermynfyzje fan Ryk en Provinsje Fryslân op it Frysk. Dêrneist hawwe der bestjoerlik ek noch ferskate ynformele en formele bilaterale oerlizen plakhân.

Yn 2023 hat DINGtiid ien bestjoerlik oerlis hân mei BZK-minister Hanke Bruins Slot. Op 22 maart 2023 naam de minister yn De Haach it jierferslach 2022 yn ûntfangst. Mei de minister is sprutsen oer de BFTK 2024-2028 en de langetermynfyzje fan Ryk en Provinsje Fryslân op it Frysk. Op amtlik nivo hat der geregeld kontakt west mei Provinsje Fryslân en de ministearjes fan, benammen, BZK en Underwiis, Kultuer en Wittenskip (hjernei: OCW).

Stúdzjereis Wales

Bestjoer en stêf fan DINGtiid hawwe yn it ramt fan it advysdossier 'Langetermynambysje mei it Frysk' (Wurkprogramma 2024/2025) fan 6 oant en mei 9 novimber 2023 in wurkbesite brocht oan Wales. Yn dy regio wurdt Ingelsk en Welsk sprutsen. Welsk is in offisjele taal dy't stipe wurdt troch de Welsh Language Act. DINGtiid hat him tidens de wurkbesite breed oriïntearre troch besites te bringen oan politike, edukative en maatskiplik belutsen organisaasjes. It wichtichste doel fan de stúdzjereis wie om te learen oer hoe't yn Wales in stip op de hoarizon set wurdt troch it útsetten fan langetermyntaalbelied rjochting 2050. Sa'n soarte ambysje kin ek foar it Frysk it perspektyf biede dêr't Fryske partners mei-inoar op ta wurkje en kin rjochting jaan oan alle foarmen fan dielbelied op it mêd fan it Frysk.

Wurkprogramma 2024/2025

Yn 2023 binne de wurksumheden foar it Wurkprogramma 2024/2025²³ fêstlein en troch Ryk en Provinsje Fryslân goedkard.



Gearkomsten

Leden fan bestjoer en/of stêf hawwe dêrneist noch oerlizen fierd mei of gearkomsten bywenne fan ûnder oaren Mei-inoar foar it Frysk, it Steatekomitee Frysk, Gemeenten&Frysk, de Politike Kommisje (POK) fan de Ried fan de Fryske Beweging, Ryksuniversiteit Grins, Fryske Akademy, Afûk, Tresoar, Europeesk Buro foar Lytse talen, Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen, Rjochtbank Noard-Nederlân en Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert, Gemeente Ljouwert, Gemeente Waadhoeke, FNP, Vereniging Friese Gemeenten, Stichting Brede Maatskiplike Diskusje, Nationale Dorpentop, Planbureau Fryslân, Joadske Skoalle yn Amsterdam, Sintrum Frysktalige Berne-opfang, Wy binne mbû, Fierder mei Frysk en Streektaalkonferinsje Stichting Nederlandse Dialecten.



DINGtiid op besite yn Wales



Jan Koster oerlanget it Jierferslach 2022 oan Hanke Bruins Slot

Presintaasjes

Yn 2023 hat DINGtiid presintaasjes jûn oer DINGtiid en de eftergrûn fan it advyswurk:

- Op 18 septimber 2023 joech bestjoersadviseur Anne Popkema oan in breed selskip fan Ryksamtners yn De Haach in presintaasje oer Fryslân en de Fryske taal. Troch in histoarysk byld te sketsen fan de Fryske en Nederlânske skiednis, makke hy de oerlaap ynsichtlik tusken de Fryske en nasjonale skiednis, wat it oanwinnende gefoel fan soarchplicht by it Ryk stipe.
- Foarsitter Jan Koster joech op 22 septimber 2023 in lêzing op it symposium *Erkenning NGT in 2021 en dan...?* yn Amersfoart, organisearre troch it Adviescollege Nederlandse Gebarentaal (oprjochte yn 2021). Hy fertelde dêr oer de posysje fan it Frysk en it wurk fan DINGtiid en makke in ferbining mei it advyswurk fan it Adviescollege Nederlandse Gebarentaal.
- Op 12 oktober 2023 spruts foarsitter Jan Koster yn op it Rûnetafelpetear BFTK 2024-2028 fan de Twadde Keamer yn De Haach. Yn de *position paper* fan DINGtiid is it belang fan it brûken fan it Frysk yn de rjochtspraak ûnderstreke.
- Op 13 oktober 2023 joech bestjoerder Annalies Outhuijse op útnûging fan de oplieding Minorities & Multilingualism fan de Ryksuniversiteit Grins yn Ljouwert in presintaasje oan studinten oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtspraak.
- Op 13 desimber 2023 joech bestjoerder Annalies Outhuijse op útnûging fan de Academie van Franeker yn Frjentsjer in lêzing oer hoe't taal bydraacht oan de kwaliteit fan de rjochtspraak.

Tariedings BFTK 2024-2028

Op it mêd fan de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 binne der yn 2023 bestjoerlik en amtlik ferskate petearen fierd mei Ryk en Provinsje Fryslân. Fierder binne ferskillende rûnetafelpetearen bywenne.

- **Advysbrief 'Taalbelied Ryksútfieringsorganisaasjes'**

Yn 2020 hat DINGtiid in advys⁴ útbrocht oan BZK oer it brûken fan it Frysk troch Ryksútfieringsorganisaasjes. Provinsje Fryslân en Afûk hawwe yn 2020-2022 ferfolchpetearen fierd, mei as doel om teoretyske en praktyske hânfetten oan te bieden en te kommen ta taalbelied. Yn it ramt fan de nije BFTK hat DINGtiid

Jonneke Oosting (presidint fan it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert) bespruts de dilemma's oangeande it Frysk praten ûnder in sitting, wannear't net alle prosesdielnimmers it Frysk (likegoed) behearskje. Annalies Outhuijse (DINGtiid-bestjoerder en bestjoersrjochtlik advokaat) joech har fyzje op hoe't it brûken fan it Frysk de kwaliteit fan de rjochtspraak krekt befoarderet. Se ûnderstreke dat de skaalfergrutting fan de rjochtspraak, mei fúzjes fan rjochtbanken en gerjochtshôven bûten Fryslân, it brûken fan it Frysk yn de rjochtsproseduere yn de praktyk noch dreger makke hat.

Fanwege it grutte animo foar dizze DINGtiid-lêzing fersoarge Geocast Media in livestream, dy't sawol tidens as nei de tiid goed besjoen waard.

Leeuwarder Courant, 6 novimber 2023, side 1

'Alle Friestalige zaken naar rechtbank Leeuwarden'

LEEUWARDEN | De fusie van de rechtbanken Leeuwarden, Groningen en Assen zou eigenlijk teruggedraaid moeten worden, stelt advocaat en DINGtiidbestuurder Annalies Outhuijse. „Tefolle Fryske saken wurde bûten Fryslân behannele.”

Selsevaluaasje 2019-2023

Yn 2019 hie de selsevaluaasje²² oer 2014-2018 plak. Yn 2023 is troch Buro Noorderlingen in evaluaasje útfierd oer de perioade 2019-2023. Dêrfoar is praat mei bestjoer en stêf fan DINGtiid, âld-bestjoersleden en ús wichtichste partners, û.o. Provinsje Fryslân en it Ryk. It definitive evaluaasjedokumint is ein desimber 2023 oplevere en wurdt yn 2024 publisearre.

Yn it advysbrief makket DINGtiid dúdlik dat it ferlet fan it ferstevigjen fan de Frysktalige sjoernalistyk út ferskate hoeken wei komt. Media, Provinsje Fryslân, ûnderwiis- en taalinstellingen binne al yn petear om yn dat ferlet te foarsjen en sette yn op in minor Frysktalige sjoernalistyk. DINGtiid jout yn syn advys oan dat dat in weardefol inisjatyf is en jout ferskate oanbefellings om de Frysktalige sjoernalistyk te fersterkjen en in minor Frysktalige sjoernalistyk breed tagonklik te meitsjen.

Friesch Dagblad, 25 jannewaris 2024, side 1

‘Geld nodig voor opleiding Fries in media’

LEEWARDEN | Er zijn in Fryslân te weinig journalisten die het Fries op goed niveau beheersen. Daarom moet er al in 2025 een minoropleiding Friestalige journalistiek komen, niet alleen voor studenten, maar ook voor actieve redacteuren. Dat adviseert DINGtiid in een brief aan het demissionaire kabinet. Volgens het adviesorgaan voor de Friese taal hebben regionale en lokale media behoefte aan een structurele oplossing.

Advys lanlike ‘Kommisje Frysk’

Op 8 desimber 2022 naam de Twadde Keamer in moasje fan Bevers & Van der Molen oan. Dêryn wurdt frege om ûndersyk te dwaan nei it ynstellen fan in lanlike ‘Kommisje Frysk’ yn it ramt fan de BFTK. Doel is om sa de ryksbelutsenens by de Fryske taal en kultuer te fergrutsjen en te boargjen. BZK hat ferfolgens op 5 july 2023 de advysfraach by DINGtiid dellein om te advisearjen oer de winsklikheid en de gearstalling fan sa’n komisje. It advys wurdt yn 2024 ferwachte.

Frysk yn de rjochtspraak

DINGtiid fiert peridyk konstruktive petearen mei it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en de Rjochtbank Noard-Nederlân oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtspraak en it opstellen fan taalbelied. Yn 2023 hawwe twa oerlizzen plakfûn. It resultearre ûnder oaren yn it organisearjen fan de DINGtiid-lêzing²¹ oer it Frysk yn de rjochtspraak op 4 novimber 2023 yn it Paleis fan Justysje. Sintraal dêrby stie de fraach wat der nedich is om it Frysk yn de rjochtspraak duorsum te boargjen.

op 7 febrewaris 2023 oan BZK yn in advysbrief⁵ advisearre om Ryksútfieringsorganisaasjes bydrage te litten oan de doelstellingen fan it Ryk en de Provinsje, troch yn de BFTK 2024-2028 op te nimmen dat Ryksútfieringsorganisaasjes uterlik foar 2026 (mei de tuskenevaluaasje fan de BFTK) Frysk taalbelied opsteld hawwe. En dat sy foar de ein fan dy BFTK-perioade harren taalbelied ymplementearre hawwe.

- **Advysbrief ‘Hânfetten yn formaasje Provinsjale Steaten’**
Nei de Provinsjale Ferkiezingsen (maart 2023) hat DINGtiid op 6 april 2023 in advysbrief⁶ skreaun oan formateur Oebele Brouwer om him in oantal hânfetten te jaan oer hoe’t Frysk taalbelied in rol spylje kin by it foarmjaan oan in nije provinsjale koälysje, mei de BFTK 2024-2028 yn it foarútsjoch.
- **Advysbrief ‘Frysk as net-kontroversjeel dossier’**
Nei it fallen fan it kabinet (july 2023) hat DINGtiid op 20 july 2023 yn in advysbrief⁷ oan de Twadde Keamerfraksjes ûnderstreke dat der op dit stuit gjin kontroversjele dossiers binne oangeande it Frysk. Mei klam is advisearre om de beliedswurksumheden en beslútfoarming om de BFTK hinne en de rinnende advystrajekten oangeande it Frysk, as ‘net kontroversjeel’ te beskôgjen.

Friesch Dagblad, 29 july 2023, side 7

DINGtiid wil Fries taalbeleid niet op de plank

DEN HAAG | Het adviesorgaan van de Friese taal DINGtiid roept de Kamer op om door te gaan met het beleid op de Friese taal. Het parlement beslist deze zomer of dossiers controversieel zijn of niet, en al dan niet stil komen te liggen nu het kabinet demissionair is. De overheid en de provincie Fryslân zijn bezig met de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 (BFTK). De BFTK moet eind dit jaar worden ondertekend, waar DINGtiid over adviseert. DINGtiid vindt dit BFTKproces ‘te belangrijk’ voor het Fries om vertraging op te lopen en acht het niet controversieel.

- **Advysbrief 'Rûnetafelpetear BFTK 2024-2028'**

Op 12 oktober 2023 hie yn De Haach in rûnetafelpetear plak oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028. Foarsitter Jan Koster spruts út namme fan DINGtiid yn op it dossier Rjocht. Yn de *position paper*⁸ stelde DINGtiid dat it mûnling Frysk yn de rjochtspraak formeel regele is, mar yn de praktyk lykwols net. It stânpunt oangeande it neifolgjen fan de ferdrachsôfspraken en de nasjonale wetlike regels oer it mûnling gebrûk fan it Frysk yn de rjochtspraak waard taljochte. By dy gelegenheid hat DINGtiid de oanrikkemandaasje dien om op koarte termyn te berikken dat Fryske rjochtssikers harren rjocht op it mûnling gebrûk fan it Frysk útoefenje kinne.

Friesch Dagblad, 13 oktober 2023, side 1

'Fries alleen in Friese rechtbank'

DEN HAAG | De mogelijkheid om Fries te gebruiken in de rechtszaal moet zich concentreren op het hof en de rechtbank in Leeuwarden. Dat zeiden adviesorgaan DINGtiid en Rechtbank Noord-Nederland bij een rondetafelgesprek in de Tweede Kamer.

Ried fan Europa

Yn juny 2022 hat DINGtiid de Kommisje fan Eksperts fan de Ried fan Europa (KomEks) tidens harren besite oan Fryslân ynformearre oer guon dossiers oangeande it Frysk. Oan 'e hân fan de rapporten fan de Nederlânske oerheid (maaie 2021) en fan de KomEks (novimber 2022) is de oanbefelling fan de Kommisje fan Ministers oan Nederlân ta stân kaam (april 2023). De Ried fan Europa trunet Nederlân op 'e nij oan om mear struktureel te wurkjen oan de ymplementaasje fan de 48 troch Nederlân ûndertekene ferdrachsferplichtings yn nasjonale wetjouwing. DINGtiid hat Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen frege om op basis fan dy sânde rapportaazje de foargeande rapportaazjesykly te ferlykjen, te reflektarjen op wat der feroare is en nei te gean oft de ynformaasjefoarsjenning foldwaande is foar de KomEks. It rapport sil brûkt wurde as ynput foar ús advystrajekten.

- **Advysbrief 'Wet Internationalisering in balans'**

Op 7 novimber 2023 hat DINGtiid yn in advysbrief¹⁹ oan OCW ûnderstreke dat ek de Fryske taal opnommen wurde moatte soe yn de 'Wet Internationalisering in balans' foar it heger ûnderwiis. De winsk foar dy wet is ûntstien troch de diskusje oer de ynternasionalisearring fan it heger ûnderwiis. De Nederlânske taal stiet ûnder druk as ynstruksjetaal om't in soad opliedingen kolleezjes yn it Ingelsk oanbiede. Yn it advys wurdt steld dat de Fryske taal neist de Nederlânske taal opnommen wurde moat yn de wet – of yn de preambule – wannear't it giet om ûnderwiis yn de provinsje Fryslân of om ûnderwiisinstellingen mei in learstoel, lektoraat of praktoraat learre oan de Fryske taal.

Advyskolleezje Nederlânske Gebeartetaal

Yn 2021 is de Nederlânske gebeartetaal (NGT), neist it Nederlânsk en Frysk, erkend as offisjele taal yn it keninkryk fan 'e Nederlanden. It Advyskolleezje NGT en DINGtiid hawwe yn 2023 de bannen oanhelle. Op 22 septimber 2023 hat DINGtiid-foarsitter Jan Koster in lêzing jûn op in symposium fan it Adviescollege NGT oer de erkenning fan de NGT. De fokus op de lêzing lei op in ferliking mei de posysje fan it Frysk en it advyswurk fan DINGtiid. Op 4 novimber 2023 hat de foarsitter fan it Advyskolleezje NGT de DINGtiid-lêzing yn Ljouwert oer Frysk yn de rjochtspraak bywenne, en dêr ynsprutsen. Twa NGT-tolken fersoargen it oersetten fan it Frysk en it Nederlânsk nei Nederlânske gebeartetaal en vise versa.

Advys 'Sjoernalistyk en de Fryske taal'

DINGtiid hat yn 2023 it advys²⁰ 'Frysktalige sjoernalistyk' opsteld. Begjin jannewaris 2024 is dy oanbean oan de minstearjes fan BZK en OCW. Dêrby is ôfwykt fan de oanpak lykas beskreaun yn it Wurkprogramma 2022/2023. De fokus ferskiede doe't de Twadde Keamer op 8 desimber 2022 de moasje Kuiken & De Jong oangeande it tekoart oan Frysktalige sjoernalisten oannaam. Yn april 2023 tsjinnen BZK en OCW in advysfersyk yn by DINGtiid om de stân fan saken datoangeande te ûndersykjen en oplossingsrjochtings oan te dragen om de Frysktalige sjoernalistyk te fersterkjen.

- **Frysk yn de foarskoalske faze**

It advys 'Frysk yn de foarskoalske faze'¹⁶ waard ein 2022 oanbean oan Provinsje Fryslân, Ryk en Fryske gemeenten. Dêryn stiet dat petearen mei partijen yn it fjild yn Fryslân eardere konstataarrings en oanbefellings fan de Ried fan Europa en it Ryk befêstigje: de trochgeande learline Frysk moat befoardere wurde troch it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis fuort te sterkjen. Der bestiet lykwols gjin draachflak foar in wetlike ferplichting dêrta. Yn it ferlingde fan eardere advizen fan de Ried fan Europa en it Ryk, advisearre DINGtiid dêrom om yn de kommende jierren de foarskoalske faze yn de trochgeande learline ta prioriteit te meitsjen en beslissend liiderskip te toanen.

Yn 2023 hat DINGtiid it advys presintearre oan amters by *Gemeenten&Frysk* en oan gemeentebestjoerders by *Mei-inoar foar it Frysk*. Op 13 april 2023 liet de Provinsje Fryslân yn in skriftlike reaksje¹⁷ op it advys witte de oanbefellings oer te nimmen. Op 15 augustus 2023 ynformearre¹⁸ de minister fan SZW de Twadde Keamer oer it advys fan DINGtiid. Op 16 oktober 2023 tsjinne VVD-Twadde-Keamerlid Van den Hil in moasje yn om te ûndersykjen hoe't berne-opfangorganisaasjes stimulearre en stipe wurde kinne om de Fryske taal te brûken. De minister hat dy moasje oernommen.

Friesch Dagblad, 31 jannewaris 2023, side 4

DINGtiid: versterk het Fries in peuterspeelzalen

LEEWARDEN | De Friese taal kan een betere plek in peuterspeelzalen en de kinderopvang krijgen als rijk, provincie Fryslân en Friese gemeenten meer leiderschap tonen. Dat stelt adviesorgaan DINGtiid.

Friesch Dagblad, 21 augustus 2023, side 1

'Brief minister stelt teleur'

LEEWARDEN | Minister Van Gennip wil de beheersing van het Fries niet tot kwalificatie-eis maken voor kinderopvangmedewerkers in Fryslân en dat is teleurstellend en jammer. Dat vinden DINGtiid-voorzitter Jan Koster en gedeputeerde Eke Folkerts.

DINGtiid-lêzing oer 25 jier Europeesk Hânfêst

Op 13 april 2023⁹ organisearre DINGtiid in DINGtiid-lêzing yn De Haach, as tematysk ferfolch op ús alderearste DINGtiid-lêzing 2022¹⁰. Sprekkers yn De Haach wienen Tiny Kox (parlemintsfoarsitter fan de Ried fan Europa en lid fan de Earste Keamer) en Heinrich Winter (bestjoerskundige oan de Ryksuniversiteit Grins). Kox fertelde wat der yn de perioade fan 25 jier Europeesk Hânfêst berikt is, en joech syn fyzje op hoe't de oanbefellings fan de Ried fan Europa noch effektiver omset wurde kinne yn wetjouwing en belied foar it Frysk, Nedersaksysk, Limboarchsk, Jiddysk, Romani, Papiamintsk en Nederlânske gebearstataal.

Op de DINGtiid-lêzing fan 2022 hie Heinrich Winter de takomstbestindigens fan it Europeesk Hânfêst analysearre, en it foarstel dien om ta in Lokaal Hânfêst te kommen. Yn De Haach gie Winter neier yn op hoe't oerheden, lykas gemeenten yn Fryslân, mei de ynwenners ta sa'n hânfêst komme kinne om de ambysjes fan de Fryske taal en kultuer fêst te lizzen.

Nei oanlieding fan dizze DINGtiid-lêzing yn De Haach hat de gemeente Waadhoeke DINGtiid en Afûk benadere om te bepraten wat in lokaal hânfêst foar in meartalige gemeente betsjutte kinne soe.


Leeuwarder Courant, 14 april 2023, side 22

'Bescherming van het Fries gaat goed, bevordering kan beter'

DEN HAAG | „We doen het niet slecht, maar het kan een stuk beter.” Dat was donderdag de stemming tijdens een lezing van DINGtiid over het Fries naast het Kamergebouw in Den Haag.

Frysk yn it ûnderwiis

Al in oantal jierren leit DINGtiid de klam op it fersterkjen fan de Trochgeande learline Frysk yn it ûnderwiis. De ûndersteande ôfbylding makket dúdlik wêr't de trochgeande learline noch fersterke wurde moat.



Op ús webside binne alle relevante advysrapporten fan DINGtiid yn it dossier 'Trochgeande learline Frysk'¹¹ op in rychje set. Utbrochte advizen yn 2023 oangeande Frysk yn it ûnderwiis binne:

- **Advys 'Frysk yn it mbû'**

Nei it oannimmen fan de Twadde Keamermoasje fan Van der Molen & Bevers (8 desimber 2022) oer de posysje fan it Frysk yn it mbû, hawwe BZK en OCW op 5 july 2023 DINGtiid fersocht om dêr neier ûndersyk nei te dwaan. It ûndersyk is útfierd yn oerlis mei *Wy binne mbû* (in breed gearwurkingsferbân tusken Fryske mbû-ynstellings en de Afûk, as ûnderdiel fan *Taalplan Frysk 2030*). De earste befinings binne op 28 novimber 2023 yn in advysbrief¹² dield mei minister De Jonge en minister Dijkgraaf. Dêryn wurdt ûnder oaren oantrúnd op it ynstellen fan in practoraat Frysk & Meartaligens foar it mbû. In ferdjippend ûndersyk is opnommen yn it Wurkprogramma 2024/2025.

Friesch Dagblad, 13 jannewaris 2023, side 8

Meteen ook een practoraat Fries regelen

LEEWARDEN | DINGtiid adviseerde vorige maand de oprichting van een zogenoemd practoraat – een soort leerstoel in het mbo – voor Fries en meertaligheid in de beroepspraktijk. Dat practoraat moet er komen en ook daar is langjarige financiering door het rijk voor nodig vindt Aant Jelle Soepboer (NSC).

- **Frysk yn it heger ûnderwiis**

Yn juny 2021 krige DINGtiid it advysfersyk om ûndersyk te dwaan nei de boarging fan de universitêre frisytyk. Ein desimber 2022 is dat advys¹³ útbrocht. Dat moast lykwols as in tuskenstasjon beskôge wurde, fanwegen de dynamyk dêr't de frisytyk yn de rin fan 2022 yn bedarre en dy't kulminearre yn de moasje fan De Hoop & Van der Molen (novimber 2022).

De plenning wie yn it earstoan om it definitive advysdossier yn de rin fan 2023 klear te hawwen. Yn oerlis mei OCW is dêrfan ôfwykt, om't de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) in kommisje¹⁴ ynstelde om ûndersyk te dwaan nei de takomst fan de frisytyk, yn neifolging fan it advysrapport 'Nederlands verdient meer' (2019) oer de neerlandistyk.

Om de KNAW-kommisje fan goede ynput te foarsjen troch saakkundigen út it fjild, hat de kommisje DINGtiid fersocht om in DINGpetear frisytyk te organisearjen mei in ferskaat fan minsken yn de deistige taalpraktyk, de wittenskip en it belied. Dat DINGpetear hat plakfûn op 8 juny 2023, by de Fryske Akademy. Dêrby is ek ús advys¹⁵ oer de kennisynfrastruktuer fan it Frysk (2020) oan 'e oarder steld. De KNAW hat it rapport yn desimber 2023 fêststeld. It waard op 23 jannewaris 2024 presintearre yn Ljouwert. It heger ûnderwiis is ek yn it Wurkprogramma 2024/2025 opnommen.

Friesch Dagblad, 9 febrewaris 2023, side 2

'It fûnemint leit der, no oanstjoere op in ferdjippingslach'

LEEWARDEN | Dingtiid wil terug naar volledige studie Fries. „Mei de oanstelling fan Versloot hawwe wy wer in betûfte heechlearaar oan de RUG. Dat hawwe se kreas oppakt. Wy hawwe der betrouwen yn dat Versloot it Frysk goed oppakke sil.” Zo reageert gedeputeerde Sietske Poepjes op de komst van Arjen Versloot als hoogleraar Friese taal en cultuur in Groningen.

Jaarverslag

2 0 1 1

D I N G

T D

2 3

Jaarverslag

20
DING
T D
23

Voetnoten

- ¹ dingtiid.frl/nl/jongerenpanel-van-asegas-helpt-dingtiid-met-fries-taaladvies
- ² dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/09/20230713-BZK-oan-DINGtiid-Advys oanfragen.pdf
- ³ dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/09/20230926-DINGtiid-oan-BZK-planning-advys oanfragen.pdf
- ⁴ dingtiid.frl/nl/uitvoeringsorganisaties-willen-aan-de-slag-met-het-fries
- ⁵ dingtiid.frl/wp-content/uploads/2020/03/20230207-DINGtiid-oan-BZK-Frysk-taalbelied-by-Ryksutfieringsorganisaasjes.pdf
- ⁶ dingtiid.frl/nl/dingtiid-geeft-formateur-brouwer-handvatten-voor-fries-taalbeleid
